

Jouster Courant



De ploech fan De Fryske Krite dy't it stik 'Ik wol libje' spilet. Foto Casper van Zutphen

Resinsje : 'De Fryske Krite 'libbet'. En hoe!'

Dit jier bestiet De Fryske Krite De Jouwer 75 jier. 75 Jier waard der Frysk toaniel brocht en fan âlderdomsferskynsels is absolút gjin sprake. Dat blykt sinnekleur út wat op 22, 23, 28 en 29 maart op de planken set wurdt, set is. Yn gruttere en lytsere rollen jouwe tal fan spilers, dy't it trouwe publyk troch de jierren hinne fermakke of ûntroerd ha, acte de presence yn it stik 'Ik wol libje'.

Der is bewust socht nei in stik mei in rojale besetting om safolle mooglik spyljende leden oan bod komme te litten. Wa't dizze jubileumfiering bywennet kin allinne mar fêststelle dat it amateurtoaniel, alteast op 'e Jouwer, libbet as in hert. Wat in meiwurkers, wat in ynset en wat in entûsjasme! Lês in moai boek, gean nei de film dy't derfan makke is, en njoggen fan de tsien kear falt it ôf. Mei de kar foar de jubileumopfiering fan in stik nei in prachtige film rûn de Fryske Krite ek it gefaar dat de fergelyking neidielich útfalle soe. Neat is lykwols minder wier. Wa't de 28ste of de 29ste thúsbljuwt, omdat it dochs wol 'ôffalle sil', mist in geweldige toanieljûn.

De film 'As it is in heaven' mei it moaie liet 'Gabriella's Song' is foarich jier yn Jorwert opfierd as iepenloftspul en waard no bewurke ta toanielstik. Afke Toren, dy't de rezjy hat, soarge foar de nedige oanpassings. En dat hat se op treflike wize dien.

'Ik wol libje' is de Fryske titel wurden fan it ferhaal mei dochs wol sterk melodramatyske eleminten. Mearwearde liket it te ûntlienen oan ferskate tema's: muzyk en leafde dy't de minsken gearbringe, it fertekene byld fan de rol fan de tsjerke (mei – opperflakkich besjoen – in kern fan wierheid?),

ferswije wat net ferswijd wurde mei, om in pear te neamen. Der wurdt yn koart bestek safolle oeralhelle, dat it ûnmooglik is om alles goed út te djipjen.

Om sa'n ferhaal leauweardich oer de fuotljochten te bringen freget in hiele protte fan de aktrises, de akteurs en de rezjy. As spilers en spylsters de ferlieding fan it oerdriuwen net wjerstean kinne dan wurdt it hiel gau in ergerlike draak. Emoasjes wiermeitsje, oerdrage op de minsken yn 'e seal is in net ienfâldige saak.

Dêr komt noch by, dat it beheinde tal kante meters fan in toaniel de romte dy't in film nimme kin, misse moat. Fan Fryslân nei Eastenryk, fan de âld skoalle – de wenning fan de haadrolspiler- nei de pastorij of nei it oefenlokaal fan it koar, om dat goed sjen te litten, dat freget in protte fernimstigers. En dat freget ek nochal wat fan de ferbyldingskrêft fan de taskôger.

We meie wol sizze, dat de minsken fan de Jouster Krite ûnder lieding fan Afke Toren, dy't in opdracht as dizze wol tabetroud is, der tige yn slagge binne om der wat moais, wat goeds fan te meitsjen. De opfiering fan dit stik docht rjocht oan de jubileumfiering.

Wa't de film net ken, hat yn it begjin troch it fragmintaryske karakter en it grutte tal persoanen miskien wat muoite om de trie fan it ferhaal op te pakken, mar dat duorret net lang. Sûnder problemen wurde we meinommen fan de iene lokaasje nei de oare.

Opfallend is de goede besetting fan de byrollen. It optreden fan it koar, sawol toanieltechnysk as muzikaal besjoen, ferstjinnet alle lof. Der wienen hiel wat mominten dy't de taskôgers op it moed kamen.

Om twa te neamen: de dirigint dy't – mei op de eftergrûn in fioelist – Gabriella's Liet komponearret; de ûnnoazele hals dy't Lena freget om fjouwer wurden te sizzen. Minpunten wienen der net safolle. It moast al wêze dat it net sa sterk oerkaam, dat de man fan Gabriella syn jaloerskens, syn haat, syn grime ta útdrukking bringe moast mei flokwurden.

En de geweldsênes hienen miskien wat ynbanniger kinnen. Wa't siket fynt sûnder mis noch wol wat, mar dat kin gjin ôfbreuk dwaan oan de mear as treflike yndruk dy't it gehiel efterlitten hat.

Oan de ein fan it stik treedt it tsjerkekoar 'Cecilia' op yn Eastenryk. Dat barren is in grutte ferrassing, in geniet foar each en ear.

As de Fryske Krite De Jouwer sa trochgiet, dan is it besteansrjocht foar jierren en jierren fersekere.

Sieger Bijsterveld

Artikel geplaatst door Uultje Talsma op 23-03-14 20:17.